

Hylke Speerstra

Testamint fan de siel

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân

© 2021 Hylke Speerstra | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers

Foarmjouwing binnenwurk: Robert Seton

Auteursfoto: Niels de Vries Fotografie

Printwurk: Wilco, Meppel

Foto omslach: Frank Kane riding the rails, Alberta, 1930, by Gushul Studio.

Courtesy of Glenbow Archives and Special Collections, University of Calgary,
Canada.

Foto Oekraynse lânferhuzers op spoarstasjon fan Québec (1911): The Library and
Archives of the National Archives, Ottawa.

Oare foto's yn dit boek komme út Glenbow Archives, University of Calgary.

De sfeartekeningen binnenyn binne fan de hân fan de Heidenskipster boer en
skilder Marten Groenhof (1925-1978), beskikber steld troch Utjouwerij De Ryp.

De nammen fan de personaazjes yn dit boek binne fingearre. Oerienkomsten mei
de werklikheid kinne allinne mar op tafal berêste.

ISBN 978 90 5615 763 0

NUR 524

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of
iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize
ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer,
postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

www.hylkespeerstra.nl

YNHÂLD

De moeting	7
Iere oantinkens	31
It wetterlânsk doarp	81
Swarte maaie	111
Lost Soul	143
It sykjen om heit	187
Long Beach	227
Tsjustere tiden	259
Midsimmerleafde	307
Hoe frij is frij?	335
De lêste reis	389
Der sil ús in ljocht opgean	417

IEN FOAR IEN

*Ien foar ien ferlitte myn freonen it doarp.
Earst driigje hja in deimannich, en gean noch ris de wegen fan har jonkheid,
Dan reizgje hja ôf foargoed.
Hja komme net werom; hoe soenen hja ek?
Hja gean faninoar en wurde oer wrâlden ferspraat.
Sa wurdt it doarp my in frjemd plak;
De huzen doar ik net mear yn 'e eagen sjen,
Kâld strykt de wyn om 'e hoeken.*

*Noch ien âld man bewarret al it libben;
Soms ferhellet er fan de fiten fan syn jeugd, fan de see en it romme fjild.
– Mei it âld minske hat er jong west. Jûns binne hja mei-inoar de geafeart del riden;
Heech stie de moanne en donker lei it iis tusken de blanke wâlen. –
Hy is noch sterk en in fêste hûsman,
Mar as it lot it seit sil er syn hûs ferlitte;
Dan is it doarp útstoarn en allinne de skimen kinn' ús tasprekke.*

Obe Postma

DE MOETING

1.

Wie ik mar yn Oakville bleaun. Mar nee, ik hie my omprate litten en fleach nei Calgary. Allinne. Nei lang sykjen fûn ik yn de nok fan in kolossale tribune myn plak op stuolnûmer 12.615. Hjir seach ik del op tsientûzenen minsken. De woansdeifoarstelling wie al wiken útferkocht, mar krekt de stoel links fan my wie ûnbeset. Dat gapjende lege plak neist my; ik koe der net oer. Hjir hie myn frou sitte moatten. Hoe pynlik kin it tafal wêze? Of wie it gjin tafal?



It wiene myn bern en bernsbern dy't my safier krigen hiene om allinne nei de Calgary Stampede te reizgjen. In presintsje foar myn 83ste jierdei: in arranzjemint foar in wike Calgary Stampede, it grutste rodeofestival fan Kanada. In fleanreis Toronto-Calgary op en del, en noch wol earste klasse, mei hoteloernachtingen, tribunetickets en gean sa mar troch.

In goed jier tefoaren wie de frou by my weifallen, en de âldman moast fansels net feriensumje. Mar wat moast ik jûn? Allinnich yn *downtown* omtoarkje? Dêr wachte my it etablissement dêr't allinne whisky en nostalgy skonken waard. De *Sixty-four*. Langer as in heale iuw lyn, doe't it noch in bodega wie, hie ik dêr al mei myn Shirley dûnse. Wy hiene ús earste âlde Chevrolet ferkocht om de kaarten foar it optreden fan Bing Crosby bestuiverje te kinnen. Wy dûnsen op *True Love* mei de earmen om elkoar hinne; songen *Long Away And Far Away*. Oant ik har triennen fan ûnwennigens preau.

No, safolle letter en allinne, moast ik oppasse dat ik dy triennen net wer preau. Alles giet foarby, mar it ferline net.

Myn soan Sean-Eric, oars in nochal hurde sakeman, hie it yn syn taspraakje net sûnder emoasjes sein: ‘Heit en mem giene altyd sa graach in deimannich nei *cowcity* Calgary, it hat jim safolle weardefolle freonskippen brocht. Dat weardefolle soe heit net loslitte moatte!’ Wat dêrnei myn pakesizzer Milton sei, joech de trochslach: ‘Beppe soe ek wolle dat pake him der wer by joech.’ As sa’n jonge dat seit, wurdst sa weak as bûter. Foarút, derhinne. Mar leaver wie ’k by Shirley har roazen bleaun yn de achtertún fan ús hûs oan de bûlevaar yn Oakville. Yn it paradyske fan Shirley.

Djip ûnder my kletsten de swipen en giselen de lasso’s. Cowboys fjouweren troch de arena, it earste keal fiede de strop al om de strôt. Noch even en de earste weachhals soe fan de bolle slingerje. En dan moasten de races noch komme mei de fjouwerspannen foar de *chuck-wagons*, dêr’t yn de rin fan de jierren in pear manlju en in stik as acht hynders by ferûngelokken. Lyk foar my yn de djipte de finishline.



Ik wie deroan ta en fertrêdzje my. Even in slach oer it Stampede park. Yn it skaad fan in beam fûn ik in bank oan de Elbow River. De rivier rûn deun by de tritich hektare Stampede Park lâns. Op de hege rivierwâlen stiene de wigwams fan de earste bewenners fan Kanada. Elk syn eigen nostalgia. Ik siet der net sa lang doe’t in frou op jierren mei in lyts beppesizzerke op my ta kaam. Needrich frege se oft sy mei it lytse famke gebrûk meitsje mocht fan in plakje op de bank. Jawis wol. Ik skikte op.

Wylst it famke har deljoech tsjin it beppeboarst, stoarre de frou nei de rivier yn ’e bedelte. Doe kearde se har myn kant op mei de fraach oft ik ek wolris op de fraach omstind hie wêr’t in rivier no krekt begjint en wêr’t er einiget.

Ik fûn it te maklik en antwurdzje dat er by de oarsprong begjint en einiget yn de see, dat ik sei dat ik it net krekt wist.

‘Ik wit it ek net krekt,’ joech de frou ta, ‘mar it begjint mei ien driپke wetter dat falt op ien fan de hichten. Ja, wêr’t er einiget? Earne dêr’t it swiete wetter oergiet yn it sâlte.’

Ik gie der rjocht foar sitten en sei dat de rivier is as ús libben. ‘Wy witte dat er ûntstiet en einiget, mar fierder witte wy eins net safolle.’

‘Krekt,’ sei se. ‘En de rivier streamt wilens wol gewoan troch, sa’t it libben nei ús dea ek gewoan trochstreamt. Sa sil dit lytse famke letter myn libben fierder libje. Mar dan wol mei de ferhalen dy’t ik har oer myn libben ferteld ha. Dizze Elbow River, mei as memmerivier de Bow River, hat myn folk altyd o sa tagedien west. Miskien sjogge jo wol dat ik fan de Black Foot Yndianen bin.’

Der foel in stilte. Doe: ‘It famke en ik ha niis blommen op it wetteroerflak struid, de blommen geane mei it swiet mei nei it sâl. It ferhaal fan it blommestruien bliuwt bewarre, it famke sil it letter wer trochfertelle.’

Stadich skode de rivier oan ús foarby. Of skoden wy oan de rivier foarby? Hie ik de rivieren oait goed begrepen?

‘Hawwe jo alles wat it libben en de natuer jo yndruid hawwe, al oan de bern trochjûn?’ frege de frou mei klam.

‘Nee, mefrou,’ moast ik tajaan. ‘Jierren en jierren giene de frou en ik tegearre nei dit feest fan de lânferoverers. Want dat is yn wêzen de Calgary Stampede mei syn cowboys en wagonraces en Yndianen. De earste jierren fleagen wy der simmerdeis in wike mei de grutte izeren fûgel fan Québec ôf hinne. Letter wennen wy yn Ontario. Dan joegen de frou en ik ús hjir mei befreone echtpearen – meast kolonisten – oer oan de feestfierende stêd. Ik bin wat hoeden om heech fan myn frou op te jaan, want wy wiene ek wolris lilc op elkoar, mar ik doar gerêst te sizzen dat se in frou fan leafde en freonskip wie. Hiel leaf wie se, en sacht. Alle minsken wiene har bruorren en susters. Ja, se hie in soad freonskippen. Iksels ha noait in man west dy’t him maklik oan oaren joech. Freonskip?’

It gie by my oant safier, en net fierder. It sil wol mei myn bernejierren en jongfeintebestean te krijen ha. Dat wie in slim drege tiid.’

‘Ha jo dat ferhaal oer jo ûngelokkige jeugd wol oan jo bern ferteld?’ woe de frou witte.

‘Nee, dy witte lang net alles,’ moast ik tajaan.

‘Ha jo it ferhaal wolris oan joséls ferteld?’ Ik stinde noch op in antwurd om doe’t de frou al wer fierder gie: ‘Sa’t de rivier altyd trochgiet mei syn wetter nei de see te bringen, sa moatte wy minsken altyd trochgean mei ús ferhalen troch te fertellen oan de bern. Mar goed, fertel my oer jo libben.’

En ik fertelde oer it wetterlân dêr’t myn widze stien hie, oer de oseaan dy’t Shirley en ik oerstieken foar in better bestean. Oer de hichten en djipten dy’t ús wachten yn de Nije Wrâld.

‘Bêste nije buorfrou fan my, myn libbensrivier streamde, soms wyld, soms kalm. Mar op de Calgary Stampede dûnsen wy, Shirley en ik, sa’t blanken dat dogge; wy lieten ús yn *slow foxtrot* nei alle hoeken fan de grutte seal widzje, waarden troch mankelikens befongen. Oer de frou har wangen dreauwen triennen fan weemoed. Godnochoanta, mefrou, no’t ik it deroer ha: wy wiene gelokkich, mar tagelyk fielden wy de pine fan it losskuorren fan de woartels út ús bertegrûn. Dy pine haw ik mei-tôge de seeën oer en de jierren troch.’

‘Ha jo noait werom west op it plak dêr’t jo neiberte leit?’

‘Nee. It is raar sizzen, mar de frou en ik, wy ha noait werom west. De grûn dêr hie ús sear dien.’

‘Dat is net goed,’ sei de frou op goedmienende toan. ‘Tenris moat in minske it paad werom nimme, earst dan is it libben rûn, sa’t alles wat goed is, rûn is: de ierde, de sinne, de moanne, de stjerren.’

‘Ik leau dat jo gelyk ha, mefrou.’

‘Fertel oer jo frou en de dea,’ hearde ik har sizzen. ‘Dat kin wol yn ien wurd.’

‘Kin ik net, mefrou.’ Ik tocht: wat wurd wol se hearre? Leafde? Fertriet? Selsbegrutsjen?

‘Tink der oars noch mar even oer nei,’ sei se wylst se stean gie om fierder te kuierjen mei har beppesizzerke. ‘Fertel it oars earst oan de Elbow River. Dan nimt de stream jo wurden wol mei nei de see en ha jo it ferhaal foar it earst ek oan josels ferteld.’

2.

Sûnder probleem fûn ik myn sitplak heech op de tribune werom. De lege stoel njonken mines, nûmer 12.614, blykte beset. In man. Huverich foar kontakt struts ik njonken him del. It wie in keurige hear op jierren. It bleau by in wurdleaze groet oer en wer.

Ik siet foaroerbûgd mei de earmtakken op myn knibbels sabeare te lêzen, skeaneage nei de man njonken my. Yn in skym seach ik trochlibbe hannen, sa te sjen net fan ien dy’t mei de hannen wurke hie. Oan syn skuon wie ôf te lêzen dat it gjin earmoedsaaier wie. Klear, ik wist genôch. Gjin petear mei lotgenoaten dy’t it graach oer foarby dingen ha dy’t net foarby gean.

It wie minstens twa programmapunten letter. Wylst ik my even achteroer hingje liet en hy foar him út siet te stoarjen, naam ik noch wat waar: syn programmaboekje kaam foar ’t ljocht, no pas, it waard iepenslein en fuort ek wer tichtslein. Der moast earst wat oars komme: syn lêsbriil. Doe ’t er dy te pakken hie, moast er op jacht nei in bûsdoek dêr’t er de bril mei skjinsmeitsje koe. Gjin bûsdoek. Thús hie gjinien tsjin him sein: ‘Hjir, do moatst in bûsdoek mei ha.’

Tsjin de trouwing oan syn rjochter ringfinger, dy’t sa te sjen ris raar yn ’e knipe sitten hie en wat krom stie, siet de trouwing fan syn frou-silger. Sa droech ik as widdoman de ring fan de frou ek. Wêrom

eins? Om fan trou te tsjûgjen oant foarby de dea? Om fan jins gemis en fertriet te tsjûgjen? Om te skoaien om in treastend wurd? Om der jûn mei nei de *Sixty-four* te setten dêr't altyd wol in pear jongere wid-dofroulju om in man sochten dy't mei in knappe auto ûnder de kont sneintemiddeis mei har út riden woe?

It wie minstens in healoere letter, doe't de man neist my der rjochter by sitten gie en hy him nei my ta kearde. Kastanjebrune eagen, oerbôge mei fyntekene, noch gitswarte wynbrauwen. Sis mar in moai âld wurden man.

'Hoe lang is it by dý lyn?' Syn fraach knoffele samar út 'e loft, mar blykber koe 'k it fan him ha.

'Maaie is 't in jier,' sei ik. 'Tsjaltsje. Se krige in beroerte. Yn ien kear wie 't gebeurd. Hasto de frou ek ferlern?'

'Augustus wurdt it al twa jier. Altyd sûn west. Alfleisklierkanker. Grethe. Dat wie har namme. Grethe.'

Yn in skym miende ik yn de man syn eachopslach wat fan werkenning waar te nimmen. Wat eigens, kin ik better sizze. Hie 'k him earder troffen? Nee, dochs net. Wie it syn spraak? Nee, it wie syn stim dy't foar my wat fertroude hie.

'Tsjja, it wie maaie doe't se samar by my wei foel,' moast ik blykber nochris oan him kwyt. 'De tiid giet hurd, en ek wer net.'

'De tiid, dêr seist wat. Aldmannen lykas do en ik mjitte de tiid, mar yn wêzen mjit de tiid ús.'

'Sa is 't.' Wat krigen wy no? Hy wie op it Frysk oergien. Ik hie him niiskrekt de frou har Fryske namme neamd, wylst ik it oars altyd oer Shirley hie. Wie Frysk wol syn memmetaal? Sipele der net wat kursus-frysk trochhinne?

'Do komst my yn myn memmetaal temjitte,' sei 'k.

'Myn mem koe mar koart mem wêze, mar de earste wurden haw ik fan har, alle Frysk dat der letter by kaam, haw ik byelkoar skrabe, allinne om wat tichter by har te kommen.'

Nei in stilte sei er: 'Dyn oarehelte hat, moat ik begripe, net lang lijd.'

‘It barde ferline jier maaie, de moarns om healwei achten hinne. Lykas altyd om dy tiid luts ik de sliepkeamersgerdinen iepen om de nije dei te begroetsjen. ‘Hoe liket it waar?’ hearde ik har achter my freegjen. Se lei noch, ik sei: ‘Mei it waar liket it mar skoan.’ Oer Lake Ontario streake in moedich ôflannich sigentsje, in syljacht fear de jachthaven út, de mânske ballonfok woe net rjocht fol falle, mar ja, op ’t lêst slagge it dochs. In skipke sylde ûnder de riizjende sinne de easterkime temjitte. En doe, ynienen, hearde ik achter my wat, it hie wat fan in brekkende weach dy’t by it basalt op himet. Alle libben streamde út har wei.’

De man neist my hie it djip foaroer bûgd en mei de earmtakken op ’e knibbels oanheard. Yn ’t oereinkommen sei er: ‘Do hast my ferslach dien fan miskien wol de grutste ramp út dyn bestean. As wy fan ús grutte rampen fertelle, binne wy hjir noch net wei. Wêrmei’t ik net bewearde wol dat ik it minder hân ha as do.’

‘Wa’t fertelt, kin de hurde wierheid in bytsje stilearje. Om de ramp draachliker te meitsjen. Sa is it ek mei de dea fan Shirley.’

‘Grethe wie neat mear fan oer, se sei yn ’t lêst de aaklikste dingen, mar op roubrief en yn roubeklach bloeiden gedichten. De frou wie fan Noarsk komôf,’ heakke er der saaklik oan ta. Mar ik seach dat it oantinken him eefkes oermânsk waard.

‘It is de leeftyd,’ ferûntskuldige er him. ‘Us ielshûd as dikke beskermelaach tsjin de emoasjes wurdt tinner. It moed kin my samar fol sjitte.’

‘It komt dy gewoan oer ’t mad,’ wist ik út ûnderfining, ‘op ’e âldedei kinne de triennen my samar oerfalle. “Mei de triennen bin ik lichtmelk,” sis ik dan wolris tsjin immen fan boere-komôf.’

‘Wy binne beide boerebern,’ konkludearre er. Hy seach my oan. Ja, no hie er dochs wat brekbers.

‘It tafal rekket dy,’ sei ’k, ‘ik fernim it, ik hear it ek oan dyn stim, fader.’

‘It is dat iene wurd,’ klonk it justjes dimmen: ‘Boerebern. It wurd

is inkelfâldich en mearfâldich gelyk. Ik haw yn myn libben ûnderfûn dat it tear en spikerhurd tagelyk wêze kin. Ik bedoel in bernelibben.’

Fan tiid en oere hie ’k gjin benul mear, mar ik fiede dat ik myn wetter kwyt moast.

‘Ik moat my no earst even fertrêdzje,’ sei ik.

‘Alles hat syn tiid,’ sei er, wylst er de knibbels wat ynluts en der bryk by sitten gie om my foar him lâns gean te litten nei in middenpaad fan de tribune.

Ik skeuvele foar him del en tocht oan de dea, dy’t gjin rekken hâldt mei estetyk. Mei de *bull rider* dy’t syn nekke brekt, hat de dea ek net folle moederaasje. De bolle draait him om en rost him tsjin de boarding.



Swalkjend oer it Stampedepark dangele ik yn slakkegong achter tribunes en foar kreammen en frettinten del. Ik wie myn wetter kwyt. Fierderop reuzerêden, kabelbanen mei grôtfolle gondels, gersfjilden. Oan de see fan sniewite cowboyhuodden wie ôf te lêzen dat it ferhearlikjen fan de hurde tiden fan pioniersskip noch altyd net foarby wie.

Mar wêrom hie ’k myn tribunebuorman niis net frege om mei te gean? Aanst kaam ik werom en wie hy him oan ’t fertrêdzjen, of hy hie kunde troffen en dan seach ik him de hiele wike net wer. Ik rûn al sa lang om mei dingen út myn jeugd dêr’t ik mei gjinien oer prate koe, en ik hie it gefoel dat ik dat my him wol koe.

Ik belâne ûnder de luifel fan in smoardrokke biertinte en seach yn in skym in ober. En ien lege stoel; de iennichste lege stoel. Wylst ik derop ta stevene, die bliken dat ien dy’t der al siet him foar my frijhold. It wie myn tribunebuorman op nûmer 12.614. Hy riisde oerein en ferwolkomme my as immen dy’t yn de oankomsthal fan it fleanfjild syn broer ferwolkommet. ‘Dêr bist al,’ hearde ik. Ik rekke suver fan ’t sintrum, mar woe it net merke litte.

‘Wurdt it net tiid dat wy ús wat better oan elkoar bekendmeitsje?’

frege er serieus, ‘myn namme is Thomas Akkerman, ik kom fan Brits Kolumbia, wenje yn Vancouver.’

‘Ids Faber, Oakville, Ontario.’ Mei ’t ik it sei, wie de ober der mei twa foarse glêzen bier fan de taap. Blykber hie er derop rekkene dat ik yn dizze biertinte delstrike soe.

‘Ik seach dy oankommen,’ sei er. ‘Ten foar dy, en ien foar my.’

Thomas hefte syn glês op skouderhichte, knikte my ta, wy proasten.

‘Thomas, hoe koest derop rekkenje datst my hjir treffe soest?’ Yn it kabaal ferstie er my mar heal, al hie er lykas ik earhelpkes yn. Dat ik frege it him nochris.

‘Ik hie mar sa’n gefoel datst hjir bedarje soest,’ sei er. ‘Yntuysje.’ Hy glimke, helle de skouders op, en werhelle dat er mar sa’n gefoel hân hie. Ik haw yn Toronto in fearnsjier staaazjerûn by dr. Sidney Barker, gie er fierder, ‘in betûft neurolooch. Dy hie foar de moade en stel foar himsels sa gau mooglik in diagnoaze, leafst al foardat de pasjint de scanner yn gie. Yn in soad fan dy gefallen blykte Barker it by ’t rjochte ein hân te hawwen. “Gean op yn de wittenskip,” sei Barker, “mar ferjit net ek dyn yntuysje oan te skerpijen.”’

Wat er my fertelde, moast ik besinke litte. Doe: ‘Do hast medisinen studearre. Wêr dat sa?’

‘Toronto. Hasto dêr soms ek sitten?’

‘Nee, Montreal. Frânske letterkunde,’ sei ik. Ik soe yn Parys ôfstudearje, mar úteinlik bin ik yn Kanada bleaun, ik hie doe al in húshâlding en it wie fansels dikke earmoede. Ik die der oersetwurk by en dêrnei haw ik dosint west. Letter bedarre ik yndie yn Toronto.’



It waard ús yn de biertinte beide te drok. Achter de biertinte fûnen wy in rûchhouten taffeltsje, mei oan wjerskanten deroan fêst in sitplanke. Hjir koene wy tsjinelkoar oer sitte. Hy wie Europeesk yn ’e klean stutsen, simmersk, tsjin it sjike oan.

‘Do hast gjin bûsdoek by dy, Thomas, mar fierder stiest der wol netsjes op.’

Syn reaksje klonk as in ferûntskuldiging. ‘Ik haw in deimannich by myn âldste soan yn Berlyn útfanhûze. Us Olav. Syn nije frou hie der niget oan en stek har stokâlde skoanheit út de Far West ris moai yn ’e klean. Dat ik mei har nei de Kurfürstendamm. Sadwaande, sjoch. De priiskaartsjes haw ik der mar ôf knipt.’

‘It lêste himd hat gjin bûsen,’ sei ik.

‘En wy hawwe beide it lêste himd oan,’ sei er. ‘Ids, mocht ik oait in idel man west ha, dan bin ik dat mei it ferstjerren fan Grethe wol kwytrekke.’

‘Binne wy fan deselde jierren, Thomas?’

‘Asto in hynder wiest soe ik dy no yn ’e bek sjen,’ gniisde er. Hy fertelde dat er fan 1923 wie en op 27 septimber 85 jier wurde soe. ‘Deo volente.’ Ik koe fêststelle dat ik op in dei nei in jier jonger as him wie: ‘As it my wat meisit wurd ik op 26 septimber 84.’

‘Ids! Wy binne beide mannen dy’t op in ûngelokkich momint en faaks ek noch op in ûngelokkich plak te wrâld kommen binne. Wa’t achttjin jier foar in oarloch yn earmoede berne waard, hie ornaris pech. Myn widze stie earne yn Noardeast-Fryslân, al leau ik net dat ik yn in widze lein ha. It kin ek in krêbe of ierdappelkistke west ha.’



Wy sieten net sa ûngaadlik, dêr achter dy biertinte. Wat yn it skaad en út it leven. No’t wy elkoars woartels yn Fryslân opdold hiene, begûnen blykber de oantinkens oan it ferline yn ús op te wâljen.

‘Ja,’ sei er, ‘op ús leeftyd bart der wat mei ús oantinkens. Wat ús yn it opgroeien oerkommen is, manifestearret him no. By my bart dat de lêste tiid yn myn dreamen. Djip yn my opburgen ûnderfiningen wurde yn dreamen losweakke, âlde wanhope teit los, ik kin it allinne noch amper de baas. Ik soe se no diele wolle mei de frou – ja, no’t se